

Mear as 60 jier letter

(Lytse ballade op 'e delsketten Whitley en har bemanning te Driezum op 27 febrewaris 1942)

Nijsgjirrigens dreau my nei it histoarysk stikje grûn
hjr achter Bloemsma's finne.
Hoe fredich leit it no derhinne,
dit stikje lân mei skiednis.
Yn 1942 wie it hjir goed mis!

't Wie oarloch, de striid fan Poep tsjin Tommy fel.
Sa ek dy 27 ste febrewaris;
Doe saaide in oansketten Ingelsk fleantúch hjir del.
Yn 't lân achter 't âlde Driezumer bosk
wie it each foar each, tosk foar tosk!

Fan 'e fiif striders foar frijheid, frede en rjocht
ha fjouwer dat stribjen hjir mei de dea bekocht.
Ien oerlibbe mei syn parasjute de 'crash'
en moast flechtsje oer 't iis,
yn barre winterkjeld, 't wie in griis!

Yn tinzen sjoch 'k dat baarnend fleantúch,
as in oansketten fûgel
yn it tsjuster delkommen troch dy fatale kûgel..
Fergromjend, swart ploegjend yn beferzen grûn,
dêr 't it lôgjend syn ein, syn Waterloo fûn.

Dan lit ik myn each oer greid' en grippels gear.
Jierren en tiid binne fierder fearn.
Fan it drama
fynt men gjin spoar mear werom.
As stille tsjûge hâldt de bosk har stom.

Sêft rûzet de wyn troch de beammen
as in koar fan wol tûzend stimmen,
in oade oan dy fjouwer manlju, in bea:
"Minsken se ha striden foar jim!
Ferjit dat nea."